

De toanieldei 2007 yn Utert

Dielnimmers:

- krite Assen mei 7 minsken,
- krite Bodegraven mei 4 minsken,
- krite Haarlem mei 2 minsken,
- krite Amersfoort mei 3 minsken,
- kriterien Utrecht/Zeist mei 8 minsken.

It wie in bytsje griemerich waar op sneon 29 septimber; tige geskikt waar dus foar de toanieldei fan it Frysk Boun. De 24 dielnimmers hiene der nocht oan en wienen moai op 'e tiid yn it Bartolomeus Gasthûs yn Utert. Pietie Westdyk ûntfong elts mei kofje en dat foel der goed yn. Benammen by de 7 dielnimmers út Assen, dy't al hast twa oeren ûnderweis west hiene. Rennie Visser hjitte rom foar tsienen eltsenien wolkom. Hja hie foar de toaniellieder Sije van der Meer, krekt wer thús út it sikhûs, in blomke mei in dikke tût. Wol fertsjinne foar syn krewearjen en goed foar de sûnens.

Doe wie it wurd oan Jannemiek de Bruin. Hja hie de lieding fan de dei as ferfanger fan Jan Sjoerd Veenstra. Hij wie troch sykte behindere.

Nei in pear aardige kringspultsjes om mei elkoar yn de kunde te kommen en om waarm te wurden gie it echt los. It sintrale tema fan de dei wie YMPROVISAASJE. Net eat sljochtweishinne foar spilers, dy't wend binne harren te hâlden oan de skreaune tekst en de oanwizingen fan de regisseur. It wie dúdlik wat oars as oars. It kaam net allinne oan op spyljen mar ek op eigen ynbring foar teksten en hanneljen.

Moarns waard kennis makke mei ferskate spylfoarmen, dy't de measten al koenen fan it bekende televyzjeprogramma "de Lama's". Sa wie der it bistewinkelspul, de karrûsel, cluedo en prate mei allinne mar fragen. It giet te fier om it hjir út te lizzen. Opfallend wie de reeëns en oerjefte bij eltsenien. Fan plankekoarts wie neat te merken. De nijkommers warden har poerbêst. It spyljen levere ferraskjende en moaie sênes op. Wille wie der omraak; der is hiel wat ôflake.

Nei it goed fersoarge breamiel giene de spilers oan de slach mei de wiere teatersport. Ferdiel yn fjouwer teams waard der spile om "it publyk" te fermeitsjen. It hantsjeklappen wie de graadmeter foar it wolslagjen en de útslach.

Om healwei fjouweren waard de dei ôfslúten mei in petear oer de mooglike ynfolling fan de Friezedei yn 2009. Der wiene aardige ideeën en der wie nocht en elan. Der komt grif in moai programma út. Dat kin wat wurde yn Swolle.

Wie it in slagge dei?

Jawis, in dei dy't safolle wille jout is altyd slagge. De dei wie ek slagge om't nije spilers fris bloed brochten en harren talinten sjen lieten. Oanwinsten binne it. Slagge wie de dei ek om safolle toanielminskten elkoar wer moete ha, elkoar ynspirearre ha foar wer in nij winterskoft. Bysûnder wie de dei om't ymprovisearjen foar de measten nij wie. It wie it yn de kunde komme mei in hjoeddeiske foarm fan toaniel. In goede saak.

Wiene der ek kanttekeningen te meitsjen?

Grif. Net eltsenien fielde him hielendal op it gemak yn de rol fan kreatyf tekstbetinker en ymprovisearjende toanielspiler. Ymprovisearre toaniel is ek in aparte foarm fan toaniel, dy't net elts op it liif skreaun is. Sommigen hiene graach wat mear ferbiningen sjoen met it toanielspyljen sa as hja dat wend binne. In oar kritysk lûd gie oer de djipte. It bleau bij it sels útprobearjen fan in minder bekende toanielfoarm sûnder al te folle oanwizingen om it spyljen better ûnder de knibbel te krijen. Mar ek dêrfan is wer mei elkoar te learen foar in oare kear.

Al mei al wie it wer in moaie en ynspirearjende dei foar de toanielminskten fan it Boun.

Piet Bloemsma